

Tomke-foarstelling

De Hutselfrutsel



Tomke wol in hutselfrutsel foar syn jierdei ha. Kornelia wit wa't dat kadootsje meitsje kin. De poppemakker! De poppemakker wol sels de sachte hutselfrutsel by Tomke bringe. Kornelia wiist de poppemakker de wei. Underweis belibbet er fan alles. As er eefkes in knipperke docht komt der in grappich figuer mei read hier en in reade noas foarby. En dan barre der frjemde dingen! Gelokkich komt alles wer goed en krijt Tomke syn kleurige hutselfrutsel.

Yn de foarstelling is in soad te sjen en te hearren. De bern wurde aktyf belutsen by it ferhaal mei help fan ferskes, muzyk en bewegings. De foarstelling slút oan by it Tomke-tema 'Keunst' 2013, mar past ek by tema 's oer kleur en foarm, de sintúgen, muzyk, ensafh.

Foar wa: Pjuten, beukers, lytskes yn it spesjaal ûnderwiis.

Spilers: Jetske Miedema en Riemkje Pitstra.

Spylflak/romte: Boarterslokaal of lokaal yn it pjutteboartersplak en ek yn húskeamers by gastâlders.

Hoe lang duorret de foarstelling: Sawat 30 minuten, opboutiid 20 min.

Nedich op it plak sels/wat moat der wêze: Stopkontakt foar cd-spiler.

Maksimaal oantal bern: Leafst ien foarstelling foar ien eigen groep. Groepen moatte net te grut wêze (graach fan tefoaren oerlis).



Tip: Om effektyf wurkje te kinnen soene wy graach foarstellings bondelje wolle. Bygelyks as it kin pjutteboartersplakken by elkoar út de buert op ien moarn/middei.

Materiaal: Foar liedsters, learkrêften en gastâlders is in lesbrief makke mei suggestjes en ynformaasje oer meartaligens. De bern krije ek materiaal mei.

Yn te hieren: Nei 20 septimber 2013. Oant 1 july 2014. Net beskikber fanôf de lêste wike fan novimber en de moanne desimber en tidens Oerol (yn juny). Data yn oerlis. Kosten yn hieren: €25,-. Graach kontant betelje.

Kontakt: tomkefoarstelling@hotmail.com

Mear ynformaasje: www.tomke.nl

TOMKE®

